



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

Snein 8 juny 2008

Tsjinst fan de foarberieding

Yn dizze tsjinst sil in âlderling losmakke wurde út har ambt en sil in âlderling befêstige wurde. Fjouwer âlderlingen sille herbefêstige wurde.

Tsjinst fan de skriften

De lêzing is út Matheüs 14: 22-33 en giet oer de nacht dat de discipelen fan Jezus op see binne en dat Jezus nei harren takomt en derfoar oer it wetter rint. Petrus giet him yn'e mijtte, rint oer it wetter, twifelt en sakket fuort wêrnei Jezus him wer oerein helpt.



Preek: Hjoed is it krekt 100 jier lyn dat it Frysk Kristelik Selskip (KFS) oprjochte is. Dat wie destiids mei Pinkster. It feest wêrby betocht wurdt dat der yn in protte talen praat waard troch de discipelen fan Jezus.

Wy kinne it ús hast net mear foarstelle dat yn dy tiid it Frysk perfoarst net de tsjerke yn kaam. Net yn tsjerke mar ek net bij de fergaderingen en as je praten oer it leauwen. Yn de rin fan de jierren is der gâns feroare. No is it, mei nammen hjir, hiel gewoan om ek Frysk te brûken.

Dan de feinten dy't op see wienen. Stel je foar: It is nacht, it stoarmt, hege weagen, minsken dy ynein binne oan it ein fan de nacht. It wetter stiet ek noch ris symboal foar de ûnderwrâld. Dan sjogge sy ien oer it wetter rinnen.

Deabenaud wurde sy. Mar it is Jezus en dy seit dat sy net bang hoege te wêzen. Jezus komt oer it wetter, de ûnderwrâld, nei harren ta.

Petrus freget of hy komme mei. Hy stapt út de boat en rint oer it wetter. Oan't hy wer tinkt oan wat der bart, oan wêr't hy is, it no... en sinkt.

Jezus lûkt him út it wetter....

Sa is it ek mei de amtsdragers. Sy komme út de gemeente en binne oan it wurk foar dy

gemeente. Sy rinne eigenlik ek oer it wetter. En sa rûn en rint ek it KFS oer it wetter.

Rinne oer it wetter mei Jezus as reisgenoat is fantastysk!!

Nei de preek songen wy:

*'t Goede is sterker as 't kweade,
leafde sterker as haat.*

*Ljocht is sterker as tsjuster,
Libben sterker as dea.*

Hy hat oerwûn, Hy hat oerwûn.

Syn leafde draacht ús.

Tsjinst fan it dielen

1^e Kollekte: Diakonij

2^e Kollekte: Tsjerke

Blommen

De blommen gyngen nei frou Jongbloed – Reitsma dy't 90 jier waard.

Het blomstik wie makke troch Griet Talsma



Tsjinst fan de losmakking en (her)befêstiging fan amtsdragers.

Karla Hingst wie dy jeugdâlderling. Nei har termyn hat sy der foar keazen net noch in perioade te bliuwen. De predikant betanket Karla foar har grutte ynset en al de arbeid dy't sy ferset hat. Hy wiist har der op dat sy no har plak yn de gemeente wer ynnimt en dat sy bûn bliuwt oan de belofte geheim te hâlden wat har yn har funksje fertrouwelik ferteld is.

Dernei wurde Dick Sterrenburg (âlderling, tsjerkerintmaster)
Wiebe Brouwer (âlderling, tsjerkerintmaster) Jannie Lindeman (diaken)
Gjalt Lindeboom (diaken)




frege stean te gean. Harren amtsperiode sit der op, mar sy wolle noch wol in perioade troch gean. Dit befêstigje sy foar de gemeente.

Geartsje van der Mear is foardroegen as âlderling. Dêr binne gjin beswieren tsjin ynbrocht. Geartsje wurdt frege út de gemeente nei foaren te kommen. De foargonger stelt har foar en fertelt fan it ferskaat oan wurk dat troch amtsdragers dien wurdt mar wol allegear út deselde geast. Rintmaster fan Gods goedheid. Roppen ta it amt, út en foar de gemeente ta Gods tsjinst. Geartsje befêstigt har tatreden yn it amt en krijt de hannen oplein, De gemeente befêstigt dit ek troch mei-elkoar te sizzen dat sy de amtsdragers akseptearje en



stypje sille.

De bern fan de bernetsjinst biede Karla en Geartsje in klomp mei seil oan om oer it wetter te gean.



Linda Jongbloed sjongt:
*'Hjoed ier yn é moarn, is
God al lang foar my út,
en as ik noch dream,
ûntbiedt Hy de dei:
want God ken gjin sliep,
mar skildert de moarnsloft
yn griis, read of goud, al
boartsjendewei.*

Tankgebed- foarbeden- stil gebed.

De foarbeden wurden frege foar Tjitte Talsma. Hy is út in beam fallen en hat yn it sikehûs lein. It is te hearen dat wy der bêst fan skrikke...

Segen

It slotliet is Gesang 487.

Dermei binne wy ferbûn mei de gemeente fan Heech. Dat is de gemeente wer dizze moarn de heit fan Geartsje ek befêstige is as âlderling. De ôfspraak is dat it neamde gesang yn beide tsjerken songen wurdt en der is in grutte kâns dat dit hast tagelyk bart. Wy krije allegearre de segen.



Bûten steane de nije en her befêstige amtsdragers en krije sy fan elts in han.



Meiwurkers

Foargonger:
Organist:
Koster:
Âlderling fan tsjinst:

Hinne Wagenaar
Elske Posthuma
Jannie Smits
Sake Mink.